



Omke Jild : klucht yn ien útkomste : mei sang

<https://hdl.handle.net/1874/231519>

mm 010082

OMKE IELD

KLUCHT YN IEN UTKOMSTE,

TROCH

de Skriuwer fen

*De Wiersizzer fen Nergenshûsen en
Sabeare Dronken.*

W. Dykstra ?

TO FRJENTSJER
BY T. TELENGA.



OMKE IJED.

KLUCHT YN IEN UTKOMSTE,

TROCH

de Skriuwer fen *De Wiersizzer fen Nergenshusen*
en *Sabeare Dronken.*



PERSOANEN:

ROMKE ZEILINGA, *sékaptein*.

WOPKE, *syn boatsman*.

DOUWE ZEILINGA, *syn broer*.

TIETSJE, *dochter fen Douwe*.

LEFFERT POMPER, *Rintenier*.

MIENT, *syn soan*.

JAN, $\left. \begin{array}{l} \text{PIET,} \\ \text{KLAAS,} \end{array} \right\} \textit{séljue}.$

KRIEN, *in biddeler*.

In fjildwachter.

OMKE JILD.

KLUCHT YN IEN UTKOMSTE.



It toaniel is in bosk mei in bank.

ROMKE. (*Hy en Wopke, beiden klaeid
as sêljue, stean bij de bank
en Romke het in knoestige
stok yn 'e hân en slacht
dermei op 'e bank.*)

Lit ús hjir ús anker mar ris útsmite, Wopke! It is
hjir wezenlik in stom moay plak. Ik siz, hwet ik siz,
mar dy bank ropt ús wezenlik ta: Fal op my del en
gean sitten. (*Hja gean sitten.*)

WOPKE.

Ja, kaptein! it liket my ek ta in moay goede ankerpleats
to wêzen.

ROMKE. (*Hy wiist mei de stok.*)

Sjochst dat doarp der foar ús, Wopke?

WOPKE.

Ik bin net blyn, kaptein!

ROMKE.

Né, dyn gesicht is wezenlik better as mines. Mar hwet
tinkt er dy fen? Ho liket it dy wezelik ta?

WOPKE.

Net ongeschikt om er farsk wetter yn to nimmen.

ROMKE.

My tinkt it is wezenlik in moay oarde om er ús havery yn oarder to bringen. (*Hy sjocht tige jernstig; fen siden.*) Ik siz hwet ik siz, mar sauntsien jier is in hiele ruk yn in minskelibben. (*Oerlûd.*) Yn dat doarp, Wopke . . .!

WOPKE.

Weinje gnappe ljue. Hwent sje der. Der komme al in pear oan en as se allegearre sa binne, dan kinne hja wol munsterje.

ROMKE. (*Hy skrillet.*)

Kom, Wopke! Gauw efter dy beammen. Hja matte ús hjir wezenlik net sjen. Litte wy se mar stil hjir foarby pesjantele.

WOPKE.

Den mar yn de Bocht fen Guné, oars forrifelje we ús sels. (*Hja gean twisken de beamkes.*)

DOUWE. (*Hy giet mei Tiet op 'e bank sitten.*)

Lit ús hjir in amerij útreste, Tiet! ik bin in bytsje wirch fen dat omdangeljen. Ik wird âlder, ik fiel it oan âlles. (*Fen siden.*) Der komt ek net yn, hwet er yn heart.

TIET.

My best, heit! Ik fyn dit altyd sa'n moay plak om er hwet út to rêsten en to mimerjen oer 't forliene en de takomst. Ik woe 't wy jild hieden, heit! den moast heit hjir in hûs bouwe en den mast it Skoanoard hiette.

DOUWE.

Dou kinst it wol moay útstelle, mar jild, dat witst wol, hawwe wy net. Wy binne earm. En dat witst ek wol, (*hy sucht*), net troch egen skild, mar troch tadwaen fen in gemiene skoft, mar dy seil er ek wol komme.

TIET.

Hark! hwet wier dat?

DOUWE.

De wyn ju, dy 't yn 'e beammen súzet.

TIET.

Ik miende, dat ik immen flokken hearde.

DOUWE.

Ne, famke! hwa scoenen hjir oars wêze as de fûgeltjes en dy flokke dochs fest net?

TIET.

Ik miende 't, heit! Ik ha my ek forbield, dat ik praten hearde.

DOUWE.

Men scoe der oars al ta komme kinne om to flokken, as yen alles en alles it hiele libben lang tsjintribelt, lyk as my. Dyn mem, Tiet! is forstoarn, do'st yet mar twa jier âld wierste. Dyn omke, myn ienichste broer Romke, is nou al jierren foart west. Hy seil wol nea wêrom komme, sont hy foar sauntsien jier to Harns it sêgat út gien is. Dyn mem, dat wol ik dy yet sizze, wier in wees. Famylje hie hja net folle, dy er yet al fen libje, wolle ús net oansjen, nei dat se hjar foar hwa wit hofolle bistellen ha.

TIET.

O, heit!

DOUWE.

Ja, famke! Al myn oferige jild en goed hab ik ongelokkich forlern. Ik hab neat oerhâlden as dy. Dou bist myn ienichst bern, myn ienichste oanhâld en myn ienichste skat. In neef fen dyn mem wennet in pear hûzen fen ús ôf, hy is ryk sa 't de ljue sizze. Hy wennet to minste yn in treflik hûs, mar hy het in soan, in oannomde soan egenlik, dy 't de boel er trochbringt en de âlde, — mar ik wol gjin kwea fen him sizze, dat meye wy net dwaen en dat witst ek wol. Ik woe lykwols net yn mynhear Pomper syn skoen stean, foar noch safolle net.

TIET.

Heit het in gerêst gewisse.

DOUWE.

Ja, bern! en as ik dy oansjoch, ho't op dyn mem likest, né den ken ik net flokke.

TIET.

Né, heit, dat mat heit ek net dwaen. Wy kinne noch sa hwet troch de tiid komme, al is 't by 't wâltsje lâns. Mar hark, der wier 't wer, ik ha 't klear heard, 't wier in tige grouw lûd.

DOUWE.

Ei, ju! hwa scoe dêr wêze. Dou mast sa gauw net bang wirde, dat witst ek wol, mar jimme mem wier ek sa, hja skrille al, as hja mar hwet lûd praten hearde.

TIET.

Nou, ik wol hjir graech wei, heit!

DOUWE.

Nou den gean we mar wer fjirder, ik wol dyn sin altyd wol dwaen, dat witst ek wol.

TIET.

Kom den, heit! (*Hja gean.*)

DOUWE.

Ja, ja, ik kin sa gauw net mear as do 't ik sa âld wier as't dou nou biste. Dou witst wol, de âlderdom komt mei gebreken, ja, dat witst wol.

ROMKE. (*Hy en Wopke gean wer op 'e bank sitten.*)

Ik lit my fordomd kielhelje, as ik hjir wêr ankerje. Kom, Wopke! it farwetter is frij, lightsje de ankers, wy gean 't romme sop wer út.

WOPKE.

All right; kaptein! sa 't de readrokken sizze. De kaptein het gelyk, oars forrifelje we ús sels.

ROMKE.

Hast heard, Wopke! hwet hjir forspritsen is?

WOPKE.

Ik bin net blyn, kaptein! mar ek net doaf, en myn earen sitte op 't rjuchte plak en dat wit jo ek wol, sa as dy âld man seit.

ROMKE.

Nou, ho het it dy den wezenlik oanstean, hwet dy ljue tsjin elkoar seinen?

WOPKE.

Min, fordealde min. Lit ús mar gauw wêr onder seil gean, kaptein! Op sé is 't folle better as op 't lân, mar ik hab meilijen mei sokke stumpers. Hark ris, kaptein! jou kinne 't sangkje wol fen in âld matroos: It sémanslibben?

ROMKE.

Ja, helje mar ris op. Ik bin er wezenlik biroerd fen warden. To mar, âlde jonge! ik siz hwet ik siz, helje op. Ik scoe dy wezenlik wol graech hwet mei helpe, mar it kin mei my yet net lije. Mar dou kinst it allinne wol ou. Helje op.

WOPKE. (*Hy sjongt.*)

WIZE: *Toen onze mop een mopje was.*

It sémanslibben giet er mei,

Gjin better op 'e wrâld,

Hwer oaren ek op romje,

It lit myn herte kâld.

Hojo, hojo, hojo, hojo,

It lit myn herte kâld,

Hwer oaren ek op romje,

It lit myn herte kâld.

Allinne op 't wyde, romme sop

Der is in séman thús,

Op 't lân kin hy net aerdsje,

Hwet het er der in krús.
 Hojo, hojo, hojo, hojo,
 Hwet het er der in krús,
 Op 't lân kin hy net aerdsje,
 Hwet het er der in krús.

As hy de stoarmwyn byljen heart,
 Den giet it him nei 't sin,
 Den fjucht syn herte iepen,
 Fen stiltme eangt er fen.
 Hojo, hojo, hojo, hojo,
 Fen stiltme eangt er fen,
 Den fjucht syn herte iepen,
 Fen stiltme eangt er fen.

Op 't liljend, brúsend, wyte skom,
 Het hy syn wille en tier,
 Deryn fynt hy bihagen,
 Deryn syn greatst plesier.
 Hojo, hojo, hojo, hojo,
 Deryn fynt hy plesier,
 Deryn fynt hy bihagen,
 Syn allergreatst plesier.

ROMKE.

Moay sa, wezenlik moay, myn beste Wopke! Mar der komt foar dy hwer frij hwet to skiemanjen, net in bytsje en 't is allegearre yn 'e wyn.

WOPKE.

All right, kaptein! Ta jo oarders, sa 't de dief tsjin de boal sei, do 't hy hingje mast. Siz mar op, hwa 't ik nou wer interje mat, mar pas op, dat we ús sels net forrifelje.

ROMKE.

Kom den mar efkes mei my nei de doarpsherberge, myn

kiel mat nedich hwet trochspield wurde mei in gleske bier. Underweis seil ik it dy wol útlizze en den mast dou dat fartúch er is moay ynlizze, hwent ik wit as't dou it roer yn 'e hânnen hest, den kin nimmen dy bisilje.

WOPKE.

Dankje foar 't komplement, kaptein! Mar helje de skoaten nou net fester oan, hwent den bin ik bang, dat we al ridlik gauw op 't strân sitte, tink er om, men mat yen sels net forrifelje.

ROMKE.

Dat falt hwet mei, mar der komme al wer twa passiesiers oan, dy masten wy ek yet ris hearre, men kin wezenlik noait witte, hwer 't goed foar is. Ik siz hwet ik siz. It roer om, Wopke! It liket my ta, dat dy beiden in frjemde lading ynhawwe.

WOPKE.

All right. (*Hja gean wer twisken de beamkes.*)

(POMPER en syn oannomde soan MIENT gean op 'e bank sitten.)

POMPER.

Dat kin sa langer net mei dy, Mient! it kin gjin touwen hâlde. Ik bin sa goed as earm en dat troch dyn skild. It roait kant noch wal, dou bringst de boel er mar troch, dou mast dy skamje.

MIENT.

San ien kin ik ek yet.

POMPER.

Mienst my?

MIENT.

Ik siz net, dat it net sa is.

POMPER.

Dou bist in breaele knaep, mar mei gauwens seist it wol ûnderfine, den kinst de biddelsek op 'e rêch nimme.

MIENT.

Dat seil my wol aerdich stean.

POMPER.

Jongkje, jongkje, dat kin sa net. Dou hest oeral de gek mei.

MIENT.

Hwa scoe dat ek net?

POMPER.

Ik net. Altyd eard en achte to wêzen en dan to biddeljen!

MIENT.

Ei, nou, biddelers mat er ek wêze.

POMPER.

Ik siz dy yetris, hab de gek er net mei, jonge! It scoe dy sûr opbrekke, dat kin 'k dy sizze.

MIENT.

Het heit er sims ûnderfining fen?

POMPER.

Der wol ik dy gjin andert op jaen. Dou stiest ek nergens foar.

MIENT.

Né, dat forsiz ik. De tyd fen kleyen komt eardernôch. En foar dat it safier is, seil Mient wol meitsje, dat er in wiif het mei modder oan 'e kloet.

POMPER.

Dou seist mar hwet. Den mat er san ien al tsjin dy oanrinne, hwent fine dochst hjar net en hjar freechje doarst yet folle minder. Dou kinst neat as frette, sûpe en keartspylje.

MIENT.

Oars hab je my net leard. En 't is in gôe soan, dy 't syn heit liket. Mar ik hab genôch fen dat gesanger. Ik gean der op ou, ik kin 't better krije. (*Hy giet.*)

POMPER.

Och, och, hwet hab ik in lijen. hwet in fortriet fen dy

ondogenske jonge. Mar as 't nypt en wer nypt, den seil ik him sizze, dat hy myn soan net is en dat hy mar in oannomd bern is. It is skande ho hy tsjin my doart op to stean en tsjin my to sprekken. As er mar net wist ho onearlik ik oan it jild fen Zeilinga syn wiif komd bin, den hie 'k him al lang foartjage, mar nou mat ik my wol stilhâlde en mar dildsje, dildsje, dildsje. As er nou yet mar net wiis wirdt, dat ik dy wiksel forfalske hab, hwent den wier myn ûngelok net oer to sjen. O, o, hwet leit it my swier op 'e lea. 't Is of de gerjuchtstsjinners my al efter de boksen sitte. Hwet hy opswetst fen in wiif mei modder oan de kloet, binne neat as kletspraetsjes. Sokke lizze der sa mar net op 'e striette. O, o, hwet de takomst ris jaen seil. Neat as skande. O, Leffert! hwet bist dou dochs in ûngelokkich minske! (*Hy giet.*)

ROMKE. (*Hy komt mei Wopke op.*)

Nou witst er fest ek wezenlik alles fen, Wopke? Ik siz hwet ik siz, mar nou hest it sels den ris heard. Dou hoefst him net mear nei syn pompieren to freegjen.

WOPKE.

Wy scille dy ondogenske swabberkaptein yn 'e groun boarje. Hy fortsjinnet net better en Wopke wol der ek hwet wille fen hawwe, mar wy matte oppasse, dat we ús sels net forrifelje.

ROMKE.

Dou sprekst wezenlik myn rjuchte miening út, wy matte mei him boartsje as de kat mei de mûs, hy het it dûbeld en dwers fortsjinne. O, ast alles is wiste, Wopke! Mar allinne kinst it net dwaen, al ho gnap ast biste, Wopke! Der seil help komme matte.

WOPKE.

All right, kaptein! Wopke wit, hwet jongens der oan board binne. (*Hy wiist nei Harns.*) It binne allegearre jongens van Jan de Wit. (*Hy sjongt.*)

WÎZE: *Ferme jongens, stoere knapen.*

Jongens binn 't mei warbre hânnen,

'k Wit ik kin er fest op oan,

Hja stean graech my by as mannen,

Wee him, dy it het bidoarn.

Hja binn' thús op eltse ré, }
Sokke jongens fen de sé. } *twa kear.*

'k Scil 't mei hjarren hiel wol klearje,

Ja, kaptein! der kin je op oan,

As 'k mei sokken ekserscarje,

Giet de tsjinparty er oan.

Ringen roppe hja hosé, }
Sokke jongens fen de sé. } *twa kear.*

ROMKE.

Nou, Wopke! ik lit it gefal oan dy oer. Oan board wierst wezenlik myn oare hân en nou mast it ek wêze om dit fartúch yn 'e bihâlden hafen to loodsjen. Ik gean er nou fen troch, ik mat dat lieave famke ris onder fjouwer eagen sprekke. Ik siz hwet ik siz en dat wol ik ek sizze, 't is in prachtstik fen in séskip, jong, lieaf, mûtel en wezenlik oannimmelik. (*Hy giet.*)

WOPKE.

De âlde het gelyk, 't is in lieaf famke, in ingeltsje. Hja fortsjinnet mei hjar âlde heit better dagen to bilibjen. En dat is, sa wier as Wopke libbet, nou oansteande. Derfor hawwe wy ús anker hjir útsmiten en derfor het de âlde my op sleeptouw nomd om him bihulpsaem to wêzen en dizze saek ta in goed ein to bringen. Nou, Wopke forstiet de stjurmanskinst. Hy is al sa lang droech efter de earen west. Mar hawar, it scil oangean. Alle hens op 't dek en oppasse, dat we ús sels net forrifelje. (*Tige lûd.*) Holla hoy, holla hoy! (*Trÿje sêljue springe op it toaniel.*)

Alle trije.

Present, boatsman! (*Hja sjonge.*)

WIZE: *Waar is Keesje.*

Jongens, dy 't op sé forkeare,
Hawwe jimmeroan wol moed,
Der se op 't wyde wetter leare
Klear to wêzen, from en froed.

Hirde wyn

Haldt hwet yn.

Op de wylde wetterweagen
En by swiere thouerfleagen
Stean hja moedich op hjar plak,
Op in brik, in tsjalk of smak.

WOPKE.

En nou foaral op jimme iepenst, hwent de kaptein het
jimme help hjir oan lân nedich. Der falt hjoed in lânrot
it boegsearjen to learen.

Alle trije.

Hy seil 't leare. Libje de Kaptein!

WOPKE.

All right. Mar der komt er sels al wer oan mei dat
famke út tûsenen, mei dy liefflike blom út 'e Fryske
greiden. (*Hja sjogge twisken de beammen út.*)

JAN.

Dat liket my ek sa ta. In lieaf bekje, 'k hie der neat
op tsjin om dy in lytsen to jaen.

PIET.

Scoe ús álde kaptein dy foar him sels foar goede bút
forklearre ha?

KLAAS.

Den koe er wol minder útsocht hawwe. Hwet sjocht
hja blier, do diveker, Klaas! as 't san ien ris krije koeste,
hwet scoe 't er mei dyn mem bystean.

JAN.

Ja, jonge! in âlde geit mei ek noch wol ris in grien takje.

WOPKE.

Der ha jimme net oer to kedisen. My tinkt it koe syn dochter wol wêze.

JAN.

De boatsman het gelyk, it liket hjar heit wol.

PIET.

It selde antlit, hja liket him sprekend.

KLAAS.

Dat kin ús net kalefaterje, dit is foar *zjyn briefje*, sa 't ús kommedant wend wier to sizzen as hy de bokkeprúk op hie en ien fen ús maten de krygsartikelen oertreden hie.

WOPKE.

Hâld dyn waffel. Myn krygsartikels binne nou: De plaet poetse. Ha jimme 't forstean, wy matte ús hjir net forrifelje, bigrepen?

Alle trije.

Ja wol, boatsman!

WOPKE.

Foart den. En nou lyk as op 't wachtschip. Ien, twa, ien, twa. (*Hja gean yn de pas ou.*)

ROMKE. (*Hy komt mei Tiet op.*)

Né, famke! dyn heit mat it wezenlik nou dalik net witte, hy het nou al sauntsien jier bûten syn broer wêst, it komt nou op in pear menúten ek net oan.

TIET.

Der het omke gelyk oan, mar o, hwet seil er blyd wêze, as er omke wer sjucht. Hy tinkt net oars as dat omke al lange jierren wei is en nou komt it sa út. Ik kin 't my hast net bigripe. Mar wêrom is omke sa lang wei-bljeaun en wêrom het omke noait skreaun?

ROMKE.

Dat seil ik dy sizze. Ik woe wezenlik earst jild genôch ha en ek net wêrom komme, foardat myn herte genezen wier. Hark ris, Tiet! dyn omke is ek ienris jong west, wezenlik jong west, ik siz, hwet ik siz, wezenlik jong. Ik hie myn sinnen set op in jong faem, net minder moai ast dou nou biste.

TIET. (*Hja krêget in kleur.*)

Mar, omke!

ROMKE.

Ik siz hwet ik siz. Krij dou mar gjin kleur. De wezenlike wierheit ist. Dy faem hâlde ek in bulte fen my. Mar hjar âlden hawwe hjar twongen om mei in oar yn 't houliksboatsje to stappen. Dat het hjar de dead dien. Hja het nou al jierren dea west. Bern het se net krige. Hjar kearel, ik siz hwet ik siz, het hjar wezenlik min bihannele. Hja is fen fortriet stoarn. In sisterszoan van him het hy nei hjar dead ta syn bern oannomd. Der het er sa 't ik hjoed fornomd hab, ek net folle wille fen, wezenlik neat as lêst.

TIET.

Mar, omke!

ROMKE.

Wat is 't liea?

TIET.

Omke mient dochs net?

ROMKE.

Mynhear Pomper? woest sizze?

PIET.

Ja.

ROMKE.

Deselde, bern! Ik siz hwet ik siz. Hy en nimmen oars het it. my lapt. Noch kin ik de fûsten tsjin him rôlje, mar hja is dea en hy ongelokkich, ja ongelokkich, wezenlik

ongelokkich, ik siz hwet ik siz. Mar it het my in swiere striid koste, om to birêsten, dat siz ik dy, Tiet! Ik bin 't ségat útgien, ik haw yn de frjemdte, op alle sêen roundswalke, mar ik siz it dy, âlde ljeafde roastet net, né noait, wenzenlik noait.

PIET.

Mar wit Mient wol, dat hy de soan fen mynhear Pomper net is?

ROMKE.

Né, der wit er neat fen. Scoest him wol lije meije, Tiet? Wezenlik lije meije?

TIET.

O, fij, ljeaver gjin man, as sokke tsien.

ROMKE.

Dat lit de wet ek net ta, ju! wezenlik net ta.

TIET.

Ik, ik, ik

ROMKE.

Hâld dy mar stil. Dou hoechst omke alles net oan 'e noas to hingjen. Dou sjochst wol, ik siz hwet ik siz. Mar wachtsje my hjir in lyts hoartsje. Ik sjoeh der immen, dy 'k wezenlik wol efkes sprekke woe. (*Hy giet.*)

TIET. (*Hja sjongt.*)

WIZE: *Van berg tot berg.*

Myn herte klopt sa wûnderlik,
Myn herte is sa bliid,
Ik koe wol dounsje fen plesier,
Nou komt de goede tyd.

Us omke Romke libbet yet,
Wy mienden, hy wier wei,
Dat is foar ús in great gelok,
't Jowt mannich bliide dei.

Hwent derby komt yet, omke is ryk,
 Nou partet hy mei ús,
 Hwent sa 't er sein het, bliuwt er nou
 Foartoan foar altyd thús.

Nou is de tyd fen soarg foarby,
 Nou libbet heit wer op,
 En ik seil bloeije as yn 't hôf
 De frisse rozeknop.

ROMKE.

Kom, dat liket goed. Dou sjongst al ris. Dat is wezenlik in goed teiken. As ik it ek sa goed koe, dan woe 'k wol ris mei dy sjonge en dat is yn sauntsien jier net bard. Nou koe 't dan hast ris wer lukke. Ik siz der sa hwet, mar 'k wol fen myn herte ek gjin moardkûle meitsje. Der koe nou wezenlik best san gongspilsdeuntsje oer hinne.

TIET.

Kom, omke! lit ús hjir nou wer fendinne gean. Der komt mynhear Pomper oan, 't is tinkt my better, dat hy ús hjir net sjocht.

ROMKE.

Wezenlik, ljeaver net. (*Hja gean.*)

POMPER. (*Hy giet op 'e bank sitten. In kearel mei in kruk is by him.*)

(*Fen siden.*) Ik mat my sjen to reddden as 't op 't slimst komt en it moai waer op rein útrint. (*Oerlûd.*) Dou mast witte, Krien! it is dizze wike myn forjierdei en den woe ik ris in grapke ha mei myn húsgenoaten. Derom mat ik dyn jas, dyn broek, dyn âlde klompen, dyn hoed en dyn fioele hawwe. En den mat ik dat sangkje ek yet ris fen dy heare, datst altyd by de hûsen lâns sjongste as't rinst to biddeljen. Ik seil dy wol in oar

pakje klean jaen. Bring dyn spillen sa dalik mar by my oan hûs, hwent ik mat se meskien ridlik gauw brûke. (*Hy stiet op en sjocht troch de beammen.*)

KRIEN.

Sa 't mynhear forkiest. (*fen siden.*) Ljue mei jild hawwe wol ris mear fen dy gekke oanslagen. Mar dat matte hja witte, as Krien er mar hwet oan fortsinje kin. Hwet kin 't my skele as hja foar gek spylje wolle.

POMPER.

Bigjin nou to spyljen en to sjongen, ik haw net folle tyd mear.

KRIEN. (*Hy spylet en sjongt.*)

WIZE: *Kolijn, een brave boerezoon.*

Ik bin in minske, earm en âld,
Ik mat mar sjen om hwet to krijen,
In oar syn ginst is myn bihâld,
Oars is it neat mei my as lijen.

Ik kin it swiere wirk net dwaen,
En derom kin ik neat bigjinne,

Och, ljeave minsken! wol my jaen,
Och, stjûr my stumper dochs net hinne. (*twa kear.*)

POMPER.

Moai sa. Gean nou mar nei myn hûs. Ik kom sa dalik by dy. Dou mast fen efteren mar yngean. (*fen siden.*) De ljue hawwe oars san niget.

KRIEN. (*Hy strompelt ou.*)

Best, mynhear!

POMPER.

It is wol hwet raer, mar 't kin it lêste redmiddel wirde, as 't mei dy falske wiksel donderjen wirdt.

WOPKE. (*Hy het sichtber stean to harkjen.*)
(*Fen siden.*) All right. Nou is it leau ik tyd om de

harpoen út to smiten, mar pas op, Wopke! do mast dy hjir sels nou net forrifelje. (*Oerlûd.*) Goên dei, mynhear! Wit jou der yn dat doarp ek in Douwe Zeilinga weinjen?

POMPER.

Ja, hwet wost dou der mei?

WOPKE.

Is dat in earne of in ryke man?

POMPER.

(*Fen siden.*) Nou, lyk as ik. (*Oerlûd.*) Hwet rekket dy dat? Der hest dou dochs gjin bilang by.

WOPKE.

Jou matte sa stikelich net wêze, mynhear!

POMPER.

Dat seil ik witte. Ik lit my hjir fen dy de wet net stelle, hoy, hoy hwet.

WOPKE.

All right. Sa 't de boer sei, do 't hy moster oer de prommen en bolle hawwe woe en sûker oer de groue-erte.

POMPER.

Hwet dy domme boer sei en die kin my nin byt skele, gean dou hjir mar fendinne, frjemde snoeshoanne!

WOPKE.

De sûzehoenan fen Djokjokarte op it eilân Java, mien jo? Né, dy bin ik net, mar ik hab him wol ris sjoen, hwent jou matte witte, ik bin in séman en hab de hiele wrâld sa hwet trochswalke.

POMPER.

Rin nei de pomp, lompene fint!

WOPKE.

Nou mynhear! dat 's lomp, mar meiskien ha jo wol pine yn 'e moêle. (*Fen siden.*) Of jildpine.

POMPER.

Hwet sceist dou?

WOPKE.

Ik seil him sels wol fine, dy 'k ha mat.

POMPER.

Hwet woest den mei him?

WOPKE.

Ik woe him in bliide tyngje bringe, mynhear! Sje sa, nou wird je al hwet noflikker. Syn broer Romke is to New-Orleans oan de gele koarts stoarn en hy het in bulte jild neilitten, in knoarre, dat siz ik jou, nei 't men seit, wol trije tountsjes.

POMPER.

Dat scoest dou ek witte!

WOPKE.

Nimmen better as ik. Ik wier syn sibste frjeun, al siz ik it sels, hwent ik wier stjûrman by him oan board en yn syn siekte syn oppasser. Mar nou het er gjin testemint neilitten en sa komt al syn jild oan syn ienichste broer, dy 't hjir ergens yn Frieslân weinje mat. Ik krij gjin healtsje der fen. En ik woe der dochs ek wol in krûmke fen hadde.

POMPER.

Dat foroaret de saek. Wit er it al, dat syn broer forstoarn is en sa folle jild neilitten het?

WOPKE.

Sje sa, nou bigjint de wyn út in oare hoeke to bliezen, nou kom ik wer san bytsje yn 'e lijte. Ei, ja, mynhear mat mar in bytsje by draaie, den is er smiten mei de mûtse nei. Hark mar is, mynhear! (*Hy sjongt.*)

WIZE: *De wereld is in rep en roer.*

In minske sounder 'n bulte jild,

Wirdt hjir op ierde, ja wol dild,

Mar net folle eard en achte, (*twa kear.*)

Men jowt him bokkens dei oan dei,

Sa lang as hy hjir libje mei,
Hy wirdt fen elts forachte. (*twa kear.*)

Mar het er jild, den is 't hwet oars,
Den het in oar 't gauw yn 'e noas,
Dat hy se het yn 't pongkje, (*twa kear.*)
Eltsien biwiist him folle ear,
Eltsien is frjeunlik tsjin mynhear,
Hy is oeral it jongkje. (*twa kear.*)

POMPER.

En dou wost ek graech hwet yn 't pongkje hawwe, kin
'k bigripe, mar hwet hab ik der nou mei út to stean?
Ast mienste, dat ik dy der yn helpe kin, den biste oan 't
forkearde kantoar.

WOPKE.

En ik tochte, dat hjir de hearring to fangen wier en
derom hie 'k myn logger hjir hinne stjûrd.

POMPER.

Dou mei dyn hearrings en mei dyn logger. Wist wol
hwa'st foar heste?

WOPKE. (*Fen siden.*)

In keale mynhear. (*Oerlûd.*) Ik bin leau ik net fier
fen de kust, as ik mien, dat ik de ear hab mei mynhear
Leffert Pomper to sprekken. (*Fen siden.*) Dou seist Wopke
hjir net forrifelje, heite! Om de deale net.

POMPER.

Lit de ear der mar bûten. Mar siz op, hwet woste fen
my? Dat woe 'k nou wol ris witte.

WOPKE.

All right. Nou hab je de foetten op 'e skipsplanke set,
nou seil je ek wol oan board komme, mynhear! Ha jo
ek net in soan?

POMPER.

Ja, hwet wo jo der mei?

WOPKE.

Ik seach him niis út 'e herberge kommen. Het er al in wiif?

POMPER.

Hwet dondert dy dat, biroerde kerel?

WOPKE.

Ei, jo matte sa net tongerje en wearljochtsje. Ik mien it goed mei jou en jou soan. Mien jou, dat ik jou en jou soan forrifelje seil?

POMPER.

Nou, hwet woste den? Dou fregest immen it himd fen 't gat.

WOPKE.

Kin jo dat nou noch net bigripe, mynhear? Jou soan mat de ienichste dochter fen Douwe Zeilinga ta syn wiif freegje, foardat hja it wiis wirde, dat omke safolle jild neilitten het.

POMPER.

De diveker, nou fetsje ik dy. Dat hest sa dom net bitocht.

WOPKE.

Dat docht my plesier. Ik hâld oars folle fen ljue, dy 't oan in heal wird genôch hawwe om it oare to rieden.

POMPER.

En hwet mat my dat nou kosje?

WOPKE.

Trije hûndert goune, gjint cint mear. Jou sjogge, dat ik net to folle freegje.

POMPER.

Seist den swije?

WOPKE.

As in dea poep.

POMPER.

Hwennear to biteljen?

WOPKE.

Op steande foet.

POMPER.

Hawar, der heste it. In bankje fen trije hounderd. (*Fensiden.*) Hy mast is witte, dat it falsk is.

WOPKE.

Tank jo, mynhear! jou fortún en dat fen jou soan is makke. As 't nou mar net blykt dat it in okse of in keal is. (*Fensiden, underwiles hy it bankje bisjocht.*) In forkearden lyk as dit briefke is it dochs altyd west. Hy mient my to forrifeljen, mar den mast er Wopke net foar hawwe.

POMPER.

Nou, heite! de mûle ticht. Nimmen mei hjir eat fen witte. As't dy stil hâldste, seist tonei yet er is san pomperke hawwe.

WOPKE. (*Hy laket fyntsjes.*)

Tige tankber, mynhear, foar jou rinskens. Earst hienen jo der in wjeraksel yn, mar sjoeh jo nou wol, dat ik jou in goede ankergroun oanwiisd hab? As jou soan nou mar net to keken is, hwent jou bigripe wol, 't famke is fen sels yet gjin dame, hja het neat leard en hjar menear fen hjar to úterjen lit wol hwet to winskjen oer, san bytsje rauw en onbiholpen mat jo tinke.

POMPER.

Ja, dat 's goed, mar myn soan kin hjar net ienris.

WOPKE.

O, nammens to better, mynhear!

POMPER.

Hwet wost der mei sizze? Sprek op. Dou mast my hjir gjin riedlingen opjaen.

WOPKE.

All right. (*Fen siden.*) Der seil Wopke op passe, men mat yen sels net forrifelje. (*Oerlúd.*) Ei, mynhear! den

falt it safolle to mear mei, as hy sjocht, dat it in gnep jongfaem is, al is 't den ek gjin dame. Mar komoan hja komt hjir sa dalik wer foarby. En jo witte wol, it izer mat smeid wurde as 't hjit is en eltse fisker fisket op syn tij. Dat mat jou soan ek dwaen. Ha jou 't bigrepen, mynhear?

POMPER.

Oars mast ik wol in esel wêze. (*Hy giet.*)

WOPKE.

En dat bist ek mei dyn falske briefkes. En dyn oannomde jonge is in koalle, al ho 't er sûpe kin. In steil wird het er yn 'e herberge as er heal of trije kwart dronken is en oars fen de rêst gjin nijs. Mar nou oan 't wirk, Wopke! wy matte ús nou net forrifelje. Der hab je de kaptein al wer. Dy wol tink ik, ris poolshichte nimme. Nou, hy kin oer Wopke tofreden weze.

ROMKE.

Bist yet yn 't goede farwetter, Wopke?

WOPKE.

't Koe net better, wy gean rjucht út, rjucht oan nei de feilige kusten en heit en soan op de blyne klippen ta, wer 't hjar heal forgean skip op forplettere wurde seil, alhiel en al forplettere.

ROMKE.

Ik siz hwet ik siz, Wopke! mar dou bist wezenlik altyd de rjuchte man op it rjuchte plak. Dou fynst altyd in útwei, en de sé mat yet ontdutsen wurde, hwer ast dou it paed net fine kinst.

WOPKE.

Al righth, kaptein! Lit dat der nou mar bliuwe. It kweade mat straft en it goede mat leanne wurde, sa stiet myn kompas. Lyk as 't sangkje seit:

(*Hy sjongt.*)

WIZE: *Kolijn een brave boerezoom.*

Der is in wet foar jong en âld,
Foar ryk en earm, foar feinten, fammen,
It kwea fynt straf, it goede lean,
En 't kwea mat altyd ûnderdammie.

Wez jimmer braef, wez from en froed,
't Mei dy in tydlang hjir net haegje,
Dyn lokstjer skynt tonei wol wer,
En al hwetst dochst, dat seil dy slagje. (2 kear.)

ROMKE.

Dat 's wezenlik yet in âlderwetsk sangkje, Wopke! mar
ik siz hwet ik siz, de ynhâld er fen is goed, lyk as de
ynhouten fen myn trijemester.

WOPKE.

't Giet er mei, kaptein! Mar nou wer fensiden, der
komt de jongfaem oan, nou gean de poppen oan 't dounsjen.

ROMKE.

Hwet praetst dou fen in jongfaem, der binne wol trije.

WOPKE.

Nou, den het er kar. (*Hja gean twisken de beammen.*)

De trije sêljue. (*Hja binne yn froul-
jues klean, tige mal optein.*)

Hja sjonge:

WIZE: *Wie in Januari geboren is.*

Nou binne wy famkes foar de lol, hawar.
Hwa 't nou mynhear ris nimme seil, toar kar?

Wy loeke dochs him yn 'e pet,
Om 't lyk, wer 't hy syn sin op set,
Der kin der grif op oan,
Hwet is 't foarútsicht skoan.

Sa komt ús maet bidragen út, ei nou,
Dat ha wy wol foar de âlde oer, mar hou,

Der komt mynhear, hwet sjocht hy read,
 Hy hinget wriechich út it lead,
 Nou komt it er op oan,
 Hwet is 't foarútsicht skoan.

All right, seit faek de boatsman en dat is
 Safolle to bitsjuten as: 'k bin wis,
 Ja, Pomper en syn ljeave soan,
 Foar hjarren is nou 't spil bidoarn.
 Mar 't komt er nou op oan,
 Hwet is 't foarútsicht skoan.

(*Hja gean sitten.*)

MIENT. (*Hy is in bytsje skeef.*)

Goê joun, frouljue! meitsje jimme ris in wandeltsje?
 Witte jimme ek al, wer 't de moayste plakjes binne?

JAN.

Ja, foar den divel en de bramsting. Mar 't is yette
 oerdei, sjoch jou dat 'nt mear, mynhear?

MIENT. (*Hakkeljende.*)

Ik haw allinne eagen for jimme. Mei ik wol ris fen
 de dames witte, hwa fen jimme de dochter fen Douwe
 Zeilinga is?

PIET.

Nou, mynhear! jou bin ek in moayen ien. Dat wennet
 yn it selde doarp en mat je nou yet freegje hwa fen úsers
 Tiet Zeilinga is?

MIENT.

Ik bin folle fen hûs, mat je witte en Tietsje komt ek
 net folle op 'e bûrren.

KLAAS.

Né, dat omdangeljen op 'e striette, der hâldt hja net
 fen, dat lit hja oan oaren oer, mar hwet wol san mynhear
 as jou mei dat famke?

MIENT.

Dat is foar jou in fraech, mar foar my in weet. Mar, hawar! ik wol oprjucht wêze. Ik woe hjar wolris efkes ûnder fjouwer eagen sprekke. Der haw ik bilang by en hja ek.

JAN.

Ja, dat seil 't wol. 't Is jou om Mozes en de prefeten to dwaen. (*Fen siden.*) Mar dat seiste er nou net ris ofswitte, moaye minhear, om 'e deale net. Der scille wy foar oppasse, wy jonges fen Jan de Wit.

MIENT.

Jou sizze mear as jou wiermeitsje kinne. Ho kin jou witte, hwer 't it my om to dwaen is?

JAN.

As jou sa sekuur de hûnderttûsen út 'e lottery hienen as ik dat wit, den woenen je gjin mûle tsjin ús frouljue opdwaen. (*Fensiden.*) Dy greatskert!

MIENT.

(*Fensiden.*) Wier ik hjir mar wer wei. Dit pakt siker malle bryk út. (*Oerlûd.*) Siz my nou hwa 't fen jimme Tietsje is. Ik mien it goed mei hjar.

KLAAS.

As jou dat witte wolle, sjoch den mar ris twisken de beammen troch. Der komt hja krek mei hjar heit oan. En jou heit, dy ek net fier ou is, seil jou wol mear sizze. Dy kin Tietsje sa folle to better as jou ús hjir wiis meitsje wolle.

PIET.

Kom, jonges! gou efter de beammen. De âlden komme der oan. Dy matte ús hjir net fine. (*Hja gean.*)

MIENT.

Jonges? jonges? Wol stom, hwet ha 'k my der foar de karre ride litten. Trije jonges! yn frouljuesklean en der jinsen komt Tietsje earst oan, sizze dy apen, dy smoarge apen!

POMPER.

En hast dou Tietsje nou al to reden west mei dyn smoarge apen. Bist wer heal en heal?

MIENT. (*Hy heart it net.*)

Is dat nou wrichtig de dochter fen Douwe Zeilinga?

POMPER. (*Ticht oan syn ear.*)

Mast do dat yet freegje, ezel? Dou hiest my ommers sein, datst hjar wol koeste. Dou bist in sule, as 't net slimmer is, ien fen in botsen de sek fol.

MIENT.

Sok âld, sok jong. Mar wit jo hwet, heit?

POMPER.

Nou, sprek ris op mei dyn snoade holle.

MIENT.

Ik knyp er út en gean der linich op ou. It wirdt hjir dochs donderjen mei ús. Jou jonge seil him sels wol redde. Farwol! (*Hy giet.*)

POMPER. (*Hy driget Mient mei de fust en ropt him nei twisken de skermen troch.*)

Jou jonge? Dou bist gjin jonge fen my. Sje der, nou witst it, mei dyn farwol. Rin to sjongen, trochbringer! ik wol neat mear fen dy witte.

MIENT.

Meitsje jou net tsjok, tin is de mode.

POMPER. (*Hy stiet mei de hân oan de holle.*)

Nou sjoch ik gjin útkomst mear, nou is alles forlern, nou bin ik grif for de haeien. Ek hastich er op ou, Leffert! it wirdt dyn tyd, leau ik, hege tyd. (*Hy giet.*)

ROMKE. (*Hy komt mei Wopke oan de iene side en Douwe mei Tiet oan de oare side op.*)

Douwe! Douwe! Myn lieave broer! Sjoch ik dy einliks wer?

DOUWE. (*Hy falt Romke om 'e hals.*)

Romke! Dou? Dou libbest yet? En ik miende, da'st dea wierste, yet lange jieren dea.

ROMKE.

Ik siz hwet ik siz, dy 't libbet komt werom.

DOUWE.

O, Romke!

ROMKE.

Ja, jonge! ik bin 't wezenlik sels. De swarten ha my yet net opfretten en de readhûden hawwe my net skalpearre.

DOUWE.

O, hwet is dit in bliide dei! En hwet seist dou der fen, Tiet? Hest dou gjin wurden foar dyn omke? Bist dou ek net tige bliid?

TIET.

Ik wier der mei bikind, heit!

DOUWE.

Al lang, bern?

TIET.

Né, heit! yet mar in hiel lyts tochtsje.

DOUWE.

O, broer! broer! hwa hie dat tinke kinnen?

ROMKE.

Ja, jonge! it ûnk is nou foarby, ik wit er alles fen, mar it lok laket dy nou wer ta, it forspraet syn strielen oer dyn libbenspaed.

JAN, PIET en KLAAS. (*Yet yn frouljuesklean.*)

Hiep, hiep, hoera! It farwetter is wer frij, de kust is wer rom. Yet er is, hiep, hiep, hoera!

WOPKE.

All right, jonges! En nou dy misselike klean mar wer út. Den kinne de ljue ek ris sjen hwa 't jimme binne.

Hawar, de klucht is út, 't is mooi geweest, sa 't hja den sjonge. (*Hja smyte de frouljuesklean út.*)

ROMKE.

Jan, Piet en Klaas. Wezenlik Jan, Piet en Klaas.

KLAAS.

Ja, kaptein! ús rol is spyle, alles is nou fest yn oarder.

DOUWE.

Ja, yn oarder, yn oarder.

WOPKE.

Al right. Sa 't de kaptein syn broer der seit: Alles is yn oarder, alles komt yet better yn oarder en dat allinne troch

Allegjerre op Romke nei.

Omke jild.

(*Hja gean sjongende it toaniel yn 'e roundte, twa by twa, hân oan hân, Jan en Piet foarop, den Romke en Tiet, den Douwe en Wopke en Klaas efteroan mei in flagge omheech.*)

WIZE: *Pake klok.*

Nou sjonge wy fleurich in sangkje dernei,

't Kin nou lije, hwent omke is er wer,

En nou kin se wer libje mei elkoar,

't Koe net moayer, net better sje der.

En dat komt nou fordild

Troch omke syn jild,

En de tyd fen rju wille komt oan.

Lit us sjonge derom,

En 't fortelle rounom:

Sa wirdt 't libben yet fleurich en skoan.

Nou kinn' hja wer libje mei ear en glâns,

Nou hoecht it net mear by it waltsje lâns,

Nou ha heit en syn Tiet

Net langer fortriet,

En dat komt nou troch omke syn jild.

POMPER. (*Hy het de klean fen Krien oan en strampelt oer it toaniel.*)

ROMKE.

Hwet âld man is dat? witte jimme it?

DOUWE.

Dat 's âlde Krien, in biddeler út Harns.

JAN.

Den mast hy ek ris in stikje foar ús spylje en sjonge, hwent dat mat er moay goed kinne.

PIET.

Hawar, âlde! Spylje op en sjonge derby.

KLAAS.

Tige lûd, hear, den krijste in goune. It kin hjoed wol lije.

POMPER. (*Mei in oar lûd.*)

As de hearen it forlangje, den seil it woloangean matte, mar it kin hjoed wrachtich hast net, hwent ik bin heislike forkâlden.

WOPKE.

Lit it den mar, mynhear Leffert Pomper! Ik leau ek, dat jou slim forkâlden binne, mar dit binne jou hjoed net wurden, myn goede man, dat wit jou sels ek wol.

Allen.

Hy, dy biddler mynhear Pomper? Ho is 't mûchlik? Dat matte wy better witte.

WOPKE.

All right. (*Hy nimt him de hoed en 't falske bird of.*)
Sa 't jimme sjogge, mynhear Leffert Pomper, libbensliif.

POMPER.

Forhip dou, âlde útrammele sébonk! Ik . . . (*Hy sjucht de fjildwachter en giet er hastich op ou.*)

FJILDWACHTER.

Der is er. Ik ha bifel him finsen to nimmen.

ROMKE.

Lit him mar gean. Wy wolle net mear nei sokken omsjen. Wy bin nou fiersen to rom om 't herte.


FJILDWACHTER.

Ja, mar myn oarders en boppe dat 't rjucht mat syn loop hawwe. (*Hy giet.*)

WOPKE.

Hy het gelijk. Lit se mar gean en ús yet ris sjonge. (*Hja sjonge yet ris op 'e selde menear.*)

Al 't jinge foar jierren hjir foarfallen is,
 't Is forgotten, it ûnk is foarby.
 En nou kinn' wy wer sjonge fen tralala,
 Omke thúskomste makket ús bly.
 En nou komt as âlear,
 't Mei de broerren wer klear.
 En de tyd fen rju wille komt oan.
 Lit ús sjonge derom,
 En 't forhelje rounom
 Sa wirdt 't libben yet fleurich en skoan.
 Nou kinn' hja wer libje mei ear en glâns,
 Nou hoecht it net mear by it waltsje lâns,
 Nou ha heit en syn Tiet
 Net langer fortriet
 En dat komt nou troch omke syn jild.



Printer hjirfen het ek útjown :

Smids Feikje of Rjuerdoms testemint	f 0,75
Wikje Kar	- 0,75
Jetske de Wees	- 0,90
Hwa is yens neiste	- 0,80
De Jildstumper	- 0,75
Lubbert Erechtink (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,50
Rabbery beskamme en woldwaen beleane (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
It tsiende gebod (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Trye jieren letter of Levi Smoel de Lotteryjoad, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,25
De Utdragerswinkel, (<i>Tredde Printinge</i>)	- 0,30
De Alde Jas, (<i>Fjirde Printinge</i>)	- 0,40
In faem en in Arbeidster by Keapman Watse, (<i>Tredde Printinge</i>)	- 0,30
Sökke mar mear, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
De Keartlidster fen Gritsebûrren, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Troch 't tsjoede ta 't goede	- 0,60
Riucht en sliucht of oars om	- 0,40
Mâl út, Mâl thús	- 0,40
De Skinke of de Skelm yn 'e knip	- 0,25
Thomas en Tsiamke of de mislökke reis nei Noard-Amerika, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
De Timmerman van Roosdorp	- 0,50
Pier en Pierkje	- 0,30
De Wiersizzer fen Nergenshusen	- 0,25
Lubbert of de mislökke moart, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
In âlde rot in 'e falle, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Sabeare Dronken	- 0,30
Kees Moster, (<i>Oarde Printinge</i>)	- 0,30
Nanneboer en Master Slim	- 0,30
De Boer by de Divelbander . . . (Bye-koer 1864)	- 0,30
Solke mei de baergefoetsjes . . . (" " 1866)	- 0,30
't Wiif út to arbeidsjen (" " 1871)	- 0,30
In neef út Amerika (" " 1874)	- 0,30
De gearjeft fen Beitske en Japik . (" " 1878)	- 0,30
Ljeafde en frjeunskip (" " 1880)	- 0,30
Ljeafde siket list (" " 1881)	- 0,30
Sabeare Dokter (" " 1886)	- 0,30
De Skippersfeint en de Jiffer . . (" " 1887)	- 0,30
De Bûtertonne (" " 1888)	- 0,30
In hûs nei 't sin (" " 1894)	- 0,30